



DE LEAFDE BEGRAVE

(De liefde begraven)

In dialooch fan

PETER DE BAAN

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE LEAFDE BEGRAVE – DE LIEFDE BEGRAVEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **PETER DE BAAN** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2026 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **2** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Gebruik rekwisieten veilig, lees meer bij tab voorwaarden op onze site.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN: 1 frou en 1 man

HY.

SY.

DEKOR:

It toaniel is leech. Der stiet in bêd, in bank en in heal drumstel. Oan de sydkant stiet in tafel mei rekwisiten. De akteurs binne noait ôf en rjochtsje harren no en dan streekrjocht ta de seal.

(stimmige muzyk. Hy komt op mei in deade hûn, leit dy midden op toaniel del. giet op knibbels by de hûn sitten. Telefoan giet)

SY: Mei my.

HY: Mei wa?

SY: Doch net sa flau, mei my.

HY: Okee.

SY: It froutsje fan Boris.

HY: Ja.

SY: De frou dêr'tst fjouwer jier in hertstochtlike ferhâlding mei hân hast.

HY: Fjouwer en in heal.

SY: Jezus, sa lang.

HY: Wêrfan trije hertstochtlik.

SY: Wat ha we dy lêste oardel jier dan dien?

HY: Seure en sanikje.

SY: Ik kin my ek noch wol in pear hiele leuke mominten heuge.

HY: Wêrom bellest?

SY: It spyt my foar dy datst dyn sin net krigen hast.

HY: Wêrom bellest?

SY: En it spyt my foar my, datst it dêrom útmakke hast.

HY: Wêrom bellest?

SY: Ik bin te let.

HY: Dêrom bellest.

SY: En it wurdt noch letter. De auto is der mei opholden. Stean ergens by in dyk. Wegewacht kin der elk momint wêze.

HY: Hoelang moatst noch?

SY: ...

HY: Hoelang hast noch riden, as de auto it wer docht?

SY: In healoerke.

HY: Belje mar, as de auto wer klear is.

SY: Okee. *(se hingje op. Hy giet wer by Boris sitten. Nei in skoftke wurdt der wer belle)*

HY: Riidst alwer?

SY: Hast. Is it wol leuk, dat bêd en brochje?

HY: Ik bin hjir allinnich.

SY: Mar de eigeners binne der doch wol?

HY: Nee, de kaai lei ûnder de blompot, ik ha yn 't foar betelle.

SY: Ja, krijst de helte fan my werom. Sis mar hoefolle.

HY: We ha twa keamers.

SY: Wie der net in keamer mei twa aparte bêden?

HY: Nee. Do betellest gewoan dyn eigen keamer.

SY: Dúdlik.

HY: En it is flak neist de buorkerij fan Boris, allinne is dat no gjin buorkerij mear. Der wenje no stedsminskten yn, mar dit is noch in echte buorkerij.

SY: Mar boeren binne doch altyd oan 't wurk?

HY: Dizze blykber net, wa wit ha se in bybaantsje.

SY: Wa?

HY: De boer en de boerinne. Is hy ynfaller op de boat nei Skier, foar as it drok is.

SY: En stiet sy yn in linzjery-winkel yn Grins.

HY: Kin se better in winkel foar ortopedyske helpmiddels begjinne.

SY: Wat?

HY: Steunsoallen, rollators, drukferbân foar spatieren, dat soarte fan dingen. Dy merk is groeiende, fanwegen it tal âlde minsken. Linzjery rekket út de tiid. Echt moaie, bytsje geile, djoere linzjery, is passé. Steunsoallen en drukferbân, dat is de moade. Dêr ha minsken ferlet fan.

SY: Hoe is 't mei Boris?

HY: Dy is dea. *(sy seit noch wat yn de telefoan, dy dekt se wol ôf, mar blykber net goed genôch)* Wa is dat?

SY: Wa?

HY: Dêr'tst goeie tsjin seidest.

SY: Oh, de man fan de wegewacht. Hy hat it al klear, hie neat om 'e hakken, fansels. Oer in healoerke bin ik der wol.

HY: Aardige man?

SY: Wa?

HY: Dy man fan de wegewacht.

SY: Ja, gewoan, gewoan in man, neat bysûnders.

HY: Kinne hiel nuttich wêze.

SY: Wa?

HY: Manlju.

SY: Soms ja. Oant aanst.

HY: Ja, oant aanst. Oh, wacht, hjir stiet in drumstel, no ja in heal drumstel. Slaan se grif sneins op om as sy sa'n pikant linzjery-setsje oan hat. (*spilet wat stichtliks*)

Oh, hear, almachtige hear, nim my

Nim my, sa hurd as je wolle

Hurd, hurd en doch barmhertich

(*sy moat ôfgrysliek laitsje. Hy rjochtet him ta de seal*)

Dy hûn, Boris, wie sa'n bytsje it bewiis fan ús leafde, of miskien ek wol it úthingboerd. Sjoch, wy ha in hûn, dus wy hâlde fan elkoar. Wy wiene in pear dagen op Skier west. Hiene it eilân tink wol twa kear yn de rûnte west, wylst we ek faak en folle op bêd leine. We koene elkoar krekt. Doe't we mei de boat werom giene, woene we noch net nei hûs. Dus ha we hjir gewoan wat omriden, yn dizze kontreien, mei allinne mar boerelân en ûneinige fiergesichten. It reinde dy deis. Doe seagen we dat boerd by dy buorkerij. Puppy's te keap. Allinne sa'n opslûpen jonge wie thús, jier of tolve. Syn mem wurke yn de stêd, by de Blokker, syn heit wie op 't lân, koe elk momint thúskomme. No, dy man frege net folle. Ik leau fyftich euro en it like in rashûn. Doe ha we ôfpraat, dat, as er deagong, we him hjir wer begrave soene. Dat fûnen we hiel organysk doe en ek wol romantysk. Sadwaande binne we hjir no. Mar doe't ik dêr fanmiddei delgong, blykte dy boer der net mear te wenjen. Nije minsken, wurkje yn de stêd. Ha dy hiele buorkerij ferboud. Stiene klear om op fakânsje te gean, kaam dus net echt goed út. Mar it mocht ek net fan de wet, sei de man. Selskip-bisten, sa neamt hy se. Boris wie gjin hûn, mar in selskip-bist, en dy moatte offisjeel begroeven wurde. Dat kin fia spesjale

selskip-biste-begraffenisûndernimmers. Ik ha se fanmiddei teld, dat binne fiif en tritich letters en twa streepkes yn ien wurd, dat past net iens op in normaal scrabble-boerd. Ik sei, dat ik dy ôfspraak makke hie mei de foarige eigener en dat hy moreel sjoen dy ôfspraak te respektarjen hie. Dêr wie er it totaal net mei iens, it soe juridysk ek gjin stân hâlde en hy die de doar ticht. Stean ik dêr mei in deade hûn op de earmen foar de nijmoadrige glêzen foardoar fan de boerderette fan in ûntsettende lul.

We sille him dus begrave, dêrom binne we hjir. Ik bedoel, we binne gjin setsje mear, mar dan kinne je sa'n ôfspraak doch noch wol neikomme. Tink ik, hoopje ik.

(sy komt op, modder oan de hannen. Hy wol har oankrûpe)

SY: Nee, earst hanwaskje, oars kin ik net tútsje, net echt tútsje.

HY: Twadde doar rjochts.

SY: *(ôf, komt mei skjinne hannen werom, wapperet dy wilens drûch. Hy docht har nei, se ha in muzikaal tête-a-tête)* De tút hinget op myn keamer.

HY: ...

SY: Dy fameuze foto fan flak nei de oarloch. *(giet ôf, komt werom mei de foto)* Sjochst. Dy hâlding fan dy frou fyn ik sa moai, sa fol tawijing.

HY: Lit mar even oan de minsken sjen, dan witte se wêr't we it oer ha, of leaver, wêr'tsto it oer hast.

SY: Witst dat dy net echt is?

HY: ...

SY: Elk fynt 'm altyd sa moai spontaan troffen, mar flak foardat er deagong hat de fotograaf tajûn dat er yn sêne setten is. Nee, ik moat it oars sizze, hy seach dy tút en doe hat er frege oft se it nochris dwaan woenen, mar dan flak foar it terras. Koe hy de goede ynstelling kieze. Is goed slagge. Ik tink dat, ast passy werhelje kinst, dat je dan in gelokkich mins binne.

HY: Kinst gelok werhelje? Ik bedoel, ast passy neffens dy werhelje kinst, kinst gelok misken ek wol werhelje.

SY: Nee, dat is wat oars.

HY: Sjochste, hy hat gewoan in peuk yn 'e hân.

SY: *(sjocht)* Ferdomd.

HY: Hy rookt en hy tutet, dat wiene nochris tiden. Ja, (*tsjin de seal*) dat kinne jim net sjen, mar hy hâldt in sigaret ferburgen yn de palm fan de hân. 1950.

SY: Elkenien rookte doe. Mar ast as frou op 'e dyk rooktest, wiest doch in bytsje in hoer, sei ús mem altyd.

HY: Die jim mem dat dan?

SY: Nee, dat doarst se net heal. (*giet nei Boris en sjocht nei 'm*) Hy is hielendal stiif.

HY: Ja, hy is dea.

SY: En hurd, de eagen binne hielendal dof. Mar hy glânzet noch wol. Hast wat mei 'm dien?

HY: Nee, allinne yn in tekken wuolle.

SY: Witst noch de earste kear datst 'm droechst? Doe't we 'm krekt kocht hiene? Dat wie sa oandwaanlik. Ik tocht noch, dy is mear fereale op dy hûn as op my, wylst we doe beide hiel fereale wienen. Witst dat noch?

HY: Ja, ik wie hiel bliid mei Boris.

SY: Krekt dêrfoar, yn de auto, seidest, datst as jonkje al graach in hûn ha woest, mar dat jim heit en mem dat net lije woenen. En datst, doe'tst tsien wiest of sa, diest, as wiest in hûn. Dan krôlest oer de flier, blaftest oanienwei en sprongst by minsken op. En dat se doe doch mar in hûn foar dy kocht ha. En doe't we dat boerd seagen by dy buorkerij, seidest: sille we ien nimme? Ik wie sa fereale op dy doe, dat ik dat hiele nêst puppy's mei nei hûs nommen hie, asto dat wollen hiest.

HY: Mar we ha 't doch tegearre dien. We ha der earst noch in skoft op om praat, om it tegearre te dwaan.

SY: Nee hear, do hast it besluten en ik bin dy folge. As in hûntsje. Do hast ek mear foar 'm soarge. Doe't we by elkoar yn wennen, en letter, as ik dy dan belle oft Boris wat langer by dy bliuwe koe, hie ik it gefoel datst dat noait slim fûnst.

HY: Ja, ik bin mear in hune-mins, tink.

SY: Do soargest mear foar 'm.

HY: Is dat net it selde?

SY: Nee. Ik ha, leau 'k, it lêste healjier neat mear foar 'm dien.

HY: De lêste tsien moanne net.

SY: Echt? Sorry. Witste, as ik wol ris fertrietlik wie, en allinne, of fertrietlik omdat ik allinne wie, do wiest ergens hinne, dan socht ik treast by Boris. Seach ik yn dy trouwe hûne-eagen en dan seach er my sa yntins oan, dat ik gewoan gûle moast en dan knapte ik wer op. Gjin man, dy't my sa treaste koe. Wannear begrave we 'm?

HY: We meie 'm net begrave. Net op it hiem fan de boer. Dy man die sa lullich, dat ik op in gegeven momint sei: lit ek mar. Doe bin 'k fuort gongen.

SY: Wie doch ôfpraat.

HY: Mar net mei him, sei er.

SY: Koest 'm net omprate? Wat op 't sear komme. Sentiminteel ferhaal oer twa eksen, dy't it lêste oantinken oan har leafde plechtich begrave woenen?

HY: Hie 'k gjin sin oan.

SY: Wat moatte we hjir dan? Ik bedoel, in wykeintsje mei myn eardere freon, fyn ik bêst leuk, mar miskien hienen we dan better in oar plakje útsykje kinnen. Sa min gong it no ek wer net tusken ús. Yn elk gefal in hiel skoft net. Wit Vera datst hjir bist?

HY: Ja.

SY: Fanwegen Boris.

HY: Ja.

SY: En wit se ek dat ik hjir bin?

HY: Nee.

SY: Wêrom net?

HY: Omdat ik fyn dat se dat net hoecht te witten

SY: Is se swanger?

HY: Nee.

SY: Dus dan hoecht se it net te witten? Kinne we likegoed even neuke.

HY: En as ik ja sis?

SY: Sis ik as in klassyk fanke: nee.

HY: En bedoelst ja?

SY: Dat wit ik net, dat moatst sels útsykje. Nee, we dogge it net. Is te klassyk, te foar de hân lizzend. We lizze aanst beide iensum yn in ienpersoans bêd.

HY: Twapersoans.

SY: Moai, is noch iensumer en dan tinke we, wêrom allinne en dan tinke we ek, wat ferstannich. En ek: war rûkte dy lekker. Wat wie dy wer âlderwetsk eigenwiis en wêrom is dy sa woest oantreklik, wylst er net echt kreas is. Fynst my noch oantreklik, oars is it net spannend fansels.

HY: Objektyf sjoen bist noch hiel oantreklik.

SY: Objektyf sjoen?

HY: Ja.

SY: Dat is al hiel wat. Fynst Vera oantreklik?

HY: Liket my net in goed ûnderwerp foar no.

SY: Wêrom net? Ik fyn Vera oantreklik. Teminsten, dy beide kearen dat ik har sjoen ha, fûn ik har oantreklik. De earste kear wie yn dy âlde bioskoop. Jim sieten yn de seal en ik op it balkon. Earst wie ik jaloersk, ferdomme, se is noch kreas ek. Mar letter fûn ik dat wol in treast. Stel je foar datst in ûnkreas ding útsocht hiest, of in oansteller, ien dy't altyd te lûd laket of sa, hie ik in eks hân sûnder smaak, hie ik fjouwer jier wat hân mei in man sûnder smaak.

HY: Fjouwer en in heal.

SY: Noch slimmer. Ik ha net folle fan dy film meikrigen doe. Jim sieten by it gongpaad en in bytsje yn 't ljocht. Fan dy ljochtsjes, dy't oan de bûtenste stuollen sitte, sadatst sjen kinst wêr'tst rinst. En ik mar tinke, wêrom sit ik net yn dat ljocht?

HY: Moat in skoft lyn wêze. We gean eins noait mear nei de film.

SY: Sonde.

HY: Ja.

SY: En jim ha noch net iens bern.

HY: ...?

SY: Dat sizze se doch altyd, dat ast bern hast, datst dan nergens mear oan ta komst. Moatst no noch even profitearje. Gean jim noch wolris nei dat fakânsjehûs yn Spanje? Fûn ik in te gek plak en Boris ek.

HY: Vera hat net sa folle mei Spanje.

SY: Ik fûn it fantastysk. It reinde der wol faak trouwens. Hâldt Vera net fan reinwetter? Sorry. Ik ha doe noch wachte, oant jim de bioskoop útkamen. Om te sjen oft se echt kreas wie. En dat wie se.

HY: Wie dat de twadde kear?

SY: Wat.

HY: Datst har seachst.

SY: Oh. Nee. De twadde kear wie by it hartekamp.

HY: Vera komt noait by it hartekamp, fynt se neat oan.

SY: Ik bin der frij wis fan dat sy it wie. (*stilte*) Of miskien ek net. Rûksto neat?

HY: Nee.

SY: Echt net?

HY: Nee.

SY: Ik rûk Boris, Boris rûkt.

HY: Yn 't earstoan seach ik nochal by dy op, dat wit ik noch goed.

SY: Ik hie dy in stikkene poat besoarge. Do seachst op nei de frou, dy't fierste hurd fan in parkearplak ôf fleach. As dy karre mei boadskippen de grutste klap net opfongen hie, hiest ek wol dea wêze kinnen.

HY: Ja, doe't ik allinne thús siet mei dy stikkene poat, en do gau ris delkaamst mei cd's, iten en drank, dweepte ik mei dy.

SY: Ik wist fan klearbare skuldgefoel net wat ik allegear dwaan moast. Ik ha leau 'k in liening ôfslute moatten om al dat piperdjoere iten en reade wyn, dy't my troch minstens twa kenners oanrieden wie, te beteljen.

HY: Sa lang ast hiel ûnferwachts kaamst en noch ûnferwachter fuortgiest, ferhearlike ik dy. Watsto diest, wie ûnbelangryk, it gong om it byld, dat ik fan dy makke. It idee dat dizze frou al dy muoite foar my die. Ik ha dy noait moaier fûn as doe.

SY: En wannear is dy bubbel útinoar spatten?

HY: Doe't it mienens waard tusken ús. Doe't we ôfspraakjes makken. Doe't we ûnderhannelen oer dingen.

SY: Wannear wie dat?

HY: Eins frij gau, al nei in pear wiken.

SY: Dus do bist mar in pear wiken fereale op my west?

HY: Nee, folle langer. Mar dat gefoel, dat byld fan dy datst superieur, kreas, yntelligint en geastich wiest, dat duorre mar in pear wiken. Gelokkich mar, want it is net fol te hâlden.

SY: Wie 't dien, doe't ik dy mei de mûle befredige?

HY: Miskien.

SY: Shit. Ik wist it, ik wist dat ik it net dwaan moast. Mar do sietst dêr sa helpleas yn dy rolstoel mei dy gipspoat rjocht foar dy út, ik hie al tûzen kear sorry sein, dy dingen te iten jûn, dy'tst noch nooit iten hiest en ik ek net trouwens en doch hie ik noch altyd it gefoel dat ik wat goed te meitsjen hie. En echt handich is dat net yn sa'n rolstoel. En do tutest sa lekker, dat ik tocht, ik bedoel, seks wie in hiele goede reden om nei dy ta, mear as al dy praterij en dy grapkes. Ik wie der net wis fan dat ik it dwaan moast, mar ik wie wol wis oer wat ik die. Ik woe dy, leau 'k, ek fiele litte hoe goed as ik dat koe, in bytsje grutsk miskien. Mar fan ôf dat stuit wie ik foar dy gewoan ien fan de safolle.

HY: Nee, dy ferealens bleaun wol, in bytsje ûnhandich as de ferealens dan ophâldt.

SY: En ik tocht allinne mar, dit is te gau, ik hie wachtsje moatten oant dy poat better wie, dan hiene we gewoan frije kinnen. En tagelyk tocht ik, ik doch it gewoan, as ien it fertsjinnet is hy it wol.

HY: Mar do woest gjin bern.

SY: Ik woe gjin bern.

HY: Wolst wat drinke?

SY: Ik tocht, hy freget it nooit. (*hy skinkt twa glêzen wyn yn*) Hast Vera ek ferhearlike?

HY: Ja, mar ik koe har al in skoftsje, foardat ik fereale op har waard, dus dan is it dreger. (*stilte*)

SY: Binne jim gelokkich?

HY: Ja. (*stilte*) Tink it wol.

SY: Moai.

HY: Fynst dat belangryk?

SY: Ja. (*stilte*)

HY: Wêrom liigdest oer dy wegewacht?

SY: Hoesa?

HY: Do diest as bellest út de auto, mar it wie deastil, ik hearde gjin oare auto's, mar wol in man. In man, dy't wat sei, dê'tsto om laitsje moast. En do hiest modder oan de hannen doe'tst deryn kaamst. Gjine oalje of fet.

SY: Ik hie in lekke bân.

HY: En dat moat ik leauwe? (*poerlik*) Wêrom liichst? Ik bedoel, wy binne eksen, mar dan hoechst noch net te ligen? Krekt dan net. Se binne sa trochsichtich, dy kut-leagens fan dy. Wat dat oanbelanget bist gjin spat feroare.

SY: Ek al...

HY: ...?

SY: Ek al, dat woest doch sizze, bist ek al gjin spat feroare. (*se twivelet oft se fierder gean sil, dat duorret even, dan op 't lêst*) Wolst it witte? Bist der wis fan, datst it witte wolst? (*hy reagearret net, doch giet se fierder*) Goed, ik sil it sizze, mar ûnder ien betingst. Do harkest, gjin kommentaar, do harkest. As dy wat net dúdlik is, kinst in iepen fraach stelle. Ik hie in date fia Tinder. Do witst wat dat is, nim ik oan.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto